

DOARPSNIJS

Nûmer 479

desimber 2023

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	06 41696781
Rianne Witteveen	Wytlandsdykje 10	yllustrator
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	yn elkoarsetter

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Paul Rienstra (voorz)	Lyklamawei 39	571652
Jellie Zijlstra (secr)	Lyklamawei 4	0654612587
Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com		
Tom Wezepoel	Lyklamawei 55	0620275676
(penningmeester, bankrek. NL30RABO0305244159)		
Froukje Prins	Hege Bouwen 16	593776
Thys Laffra	Omrin 4	571551
Tiny Wildschut	Lyklamawei 16	571619
Mieke Koot	Lyklamawei 36	0654238830

E-mailadres buertplysje: patrick.bottinga@politie.nl of www.politie.nl

Wykbehearder gemeente: r.zijlstra@defryskemarren.nl, [0620548535](tel:0620548535) of www.defryskemarren.nl/melding

BERNE



Sybrich Marije, dochter fan Albert-Menno en Sjoerdje Laffra en suske fan Hylke is berne op 4 desimber.

Annemarie Anna Lucia Rinske, dochter fan Shariff Goos en Chantal de Vries en suske fan Amy-Lisa, Anne-Milou en Veronique is berne op 7 desimber.



NIJE YNWENNERS



Thijs Bosch en Annemarie van Leeuwen met Quinten, Casper en Jasmijn op Heaburgen 36.

FERHUZE

Marije Hoogland en Jelmer Oenema nei Rutten.
Johannes en Anne van der Goot nei Balk, Wurdze 8.

REDACTIE DOARPSNIJS

Jaren geleden was het gewoonte om als bestuur van dorpsbelang met een afvaardiging een bezoek te brengen aan de redactie van Doarpsnijs. In het november nummer van Doarpsnijs heeft de redactie over dit bezoek al iets geschreven.

Het is inderdaad goed om af en toe van gedachten te wisselen met inwoners die zich belangeloos inzetten voor ons dorp.

Ook vanaf deze plaats willen we de redactie nogmaals hartelijk danken voor hun inzet.

LEDENVERGADERING

Bij dezen maken we iedereen er nogmaals op attent dat de jaarlijkse ledenvergadering van dorpsbelang gehouden zal worden op woensdag 31 januari 2024.

De aanvang is 20.00 uur in het dorpshuis.

SNACKAVOND

Op de laatste vrijdagen van de maand is het Doarpshús vanaf 17.00 uur weer open voor het bestellen en/of afhalen van diverse snacks.

tel. 0514-571 428

Schrijf het maar in je agenda: vrijdag 29 december, vrijdag 26 januari
vrijdag 23 februari.

KERSTBOOM

Dit jaar gelukkig eens geen hoofdbreken voor het bestuur over de vraag: “Waar halen we een kerstboom vandaan”?

Wiepie en Jeltje Hoekstra hadden nog een mooi exemplaar in de tuin staan die ze letterlijk te ver boven het hoofd groeide.

Dank aan Wiepie Hoekstra, Wilbert Eppinga en Jan Luinenburg voor het plaatsen en opruimen.

Mooi dat deze traditie ook dit jaar weer door kon gaan.

Mocht u nog een exemplaar in uw tuin hebben die te hoog wordt? Volgend jaar hebben we weer een boom nodig.

Dorpsbelang

VRIJWILLIGERSAVOND DORPSHUIS

Beste vrijwilligers van het dorpshuis. Op vrijdag 12 januari 2024 zijn jullie allemaal van harte welkom voor een gezellige avond.

We willen jullie op deze avond graag bedanken voor jullie inzet en samen met jullie proosten op het nieuwe jaar!

Op deze avond is er ook de mogelijkheid om vragen te stellen over de verschillende avonden/dagen en

evenementen die er georganiseerd worden en hoe jij daar eventueel aan kan bijdragen. Denk je nou ik wil ook graag vrijwilliger worden bij het dorpshuis, ook dan ben je deze avond van harte uitgenodigd!



Dus net stinne mar der hinne!



De Lokaalvereniging

GEMEENTEHUIS

"Nieuwe legitimatiebewijs nodig? Eerst even een afspraak maken."

Sinds begin december werkt de gemeente op afspraak. Dit geldt voor bijvoorbeeld het aanvragen van een paspoort of rijbewijs, het aangeven van een geboorte en andere zaken die bij de publieksbalie worden behandeld. Een afspraak kan online op defryskemarren.nl of telefonisch via 14 05 14 worden gemaakt. Ook zonder afspraak kunt u terecht, maar dan duurt het misschien iets langer voordat u aan de beurt bent.

Dorpsbelang

CARBID SCHIETEN



Zoals gebruikelijk gaan we op 31 december a.s. weer carbidschieten in het schelpenpad. We hopen er weer een gezellige boel van te maken en vinden het ook reuze gezellig dat er zoveel mensen op af komen.

Maar het schelpenpad heeft erg veel te lijden onder de toeloop.

Daarbij komt ook nog eens dat er eigenlijk geen plek is om je vervoermiddel netjes te stallen.

Daarom het volgende verzoek:

Kom lopend naar het carbidschieten

Laat je fiets of gemotoriseerd vervoermiddel thuis of stal deze eventueel ordelijk bij het begin van het schelpenpad.

Iedereen alvast bij voorbaat hartelijk dank voor de medewerking.

Carbid ploeg Nijemardum



VUURWERKSHOW
1 JANUARI - 00:00 uur
LYKLAMAWEI 16

Ook dit jaar is er weer een vuurwerkshow.
Samen terug kijken op 2023.
Samen vooruit kijken op 2024.
Aansluitend een borrel in het Dorpshuis.

Donaties zijn meer dan welkom.
NL30 RABO 0305 2441 59 of via de QR
Hartelijk dank & een gezond 2024 !



WER IS DIT?

Ditkear sjogge wy efkes oer de hage by Hendrik en Janny Postma op de Hege Bouwen nr.5.

Dêr, yn in smûk hoekje by de foardoar, hat Janny in gesellige samling fan allerhande kabouters, poddestuollen en fûgeltsjes útstald.

Foar wat rêst yn kabouterlân sjogge wy ek noch in easterske Boeddha .

Best in pittich riedsel, mar der binne altyd wol minsken dy't efkes fierder sjogge dan 't harren noas lang is. En dat is mar moai, want de slachter moat syn droege woarst ek wer kwyt. De lêste priis fan dit jier is foar Gerrie van der Veen, lokwinske!




Wêr binne wy ditkear ?

Belje gau nei nr. 571889

Of mail nei:





redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Jantsje




10

11



NOFLIKE KRYSTDAGEN

EN IN GOED



PLANKE RUITEREN '93

FOAR ALLE BASISKOALLEBERN FAN NIJEMARDUM

Sy soarget alle kearen foar in moaie yllustraasje yn ús Doarpsnijs, mar no hat Rianne Witteveen spesjaal foar jimme ek in prachtige kleurplaat fan Nijemardum makke.

Yn 'e krystfakânsje ha jimme fêst wol tiid om dêr wat moais fan te meitsjen. Doch dat mar gau en bring him foar moandei 8 jannewaris 2024 by ien fan de redaksje.

Wa wit winne jimme dan ek noch in priis! Oare kear stiet dat yn it Doarpsnijs.

EEN NOG MOOIER, VEILIGER EN LEEFBAAR NIJEMIRDUM?

Het kan, maar wel met uw hulp.

Dorpsbelang Nijemirdum, wil aan de slag met de thema's wonen en toerisme. Hiervoor hebben we subsidie aangevraagd bij de gemeente en provincie. Januari 2024 weten we of dit geld ook is toegekend, we zijn hierover positief gestemd.

Denk en doe mee met:

Wonen

Wat voor voorzieningen heeft u nodig om prettig in Nijemirdum te wonen? Ben je jong en heb je nog geenwoning, wat is er dan nodig om een hier te wonen en voor soort woning of woonruimte zoek je dan?

Recreatie & Toerisme

Nijemirdum ligt op een prachtige plek, maar toch rijden de meeste toeristen er door heen. Hoe maken we ons dorp gastvrij en de omgeving aantrekkelijk om er meer tijd door te brengen?

Kom en laat je informeren op de ledenvergadering op 31 januari om 20.00 uur.

Samen stappen zetten voor de toekomst van ons dorp! Meer weten?

Mail ons: dorpsbelang@nijemirdum.nl

Alvast bedankt jullie betrokkenheid!

SLIMSTE DORP

Vorige maand hebben we oproep gedaan wie ons dorp zou willen vertegenwoordigen in deze wedstrijd.

Op de valreep heeft zich alsnog een team opgegeven.

Daarmee is voorkomen dat het bestuur zelf aan de bak moet want we hadden ons inmiddels wel aangemeld.

In het januarinummer van Doarpsnijs meer info hierover.

Nou ja, mocht je je alsnog met maximaal 5 personen op willen geven, het kan nog.

Mocht dit het geval zijn dan volgt op een nader te bepalen tijdstip een voorronde.

De finale is op 23 februari 2024 in Wyckel.

Dorpsbelang



OP LOKAASJE

Op de foarige redaksjegearkomste wienen Paul Rienstra en Froukje Prins as fertsjintwurdigers fan Doarpsbelang by ús op 'e kofje. Fansels kaam it Doarpsnijs te praat want dat is wat ús bynt. Sa as Annie al skreaun hat yn it foarige krantsje binne sy tige te sprekken oer alles wat wy dogge.

As tip krigen wy mei om ek ris by in organisaasje te sjen, dy' t hjir yn ús doarp aktyf is, bygelyks de berne-opfang, de dam- of biljertklub, de soos of wat oer it nije skoalleplein te skriuwen.

“Typysk Wiep” is ek sa' n bedriuwke, betochten wy mei elkoar en it is diskear myn beurt om op ynterview te gean, dus mei ik ein novimber oanskowe by myn jongste suske yn de gesellige húskeamer fan de eardere slachterij. Hoe leuk is dat. En ik sko net allinnich oan, ik mei ek nochris mei-ite! As ik om 11.30 oere troch de doar kom, sit de tafel al fol. De manlju sitte op it fierste ein, de froulju op it oare. Mei my derby hat Wiepkje hjoed 9 gasten. Der stiet frisdrank en wetter op tafel en der giet in skaaltsje mei hearlike tsiis en komkommer rûn. De stimming sit der al aardich yn want der wurde út en troch grappen makke. Wiepkje skaait noch by it oanrjocht om, om de lêste hannelingen te dwaan. Sy moat de molke noch oan de kôk bringe, want der stiet ûnder oaren potstro op it menu. Ien fan de gasten, ús Meine, wurdt der by roppen as it oan it rieren ta is, want hy hat de grutste spierballen. Hy mei de boekweitmoal troch de molke riere mei in grutte sleef; dat is swier wurk.



Thús hie ik al wat fragen betocht en sa tusken de happen troch, besykje ik wat mear te witten te kommen oer dizze bysûndere iterij dy' t eltse moanne plakfynt.

Witte jim fan te foaren wat der op it menu stiet?

Nee, dat witte wy net; it is altyd in ferrassing.

As jimme it no net lekker fine, wat dogge jim dan? (dat is echt in fraach fan ien dy' t nochal sinnich is, wat iten oanbelanget)

“Dan spue wy allegear”, seit Teatske út de gek en Nanda follet oan dat dat noch noait bard is, want Wiepkje hat altyd twa ferskillende gerjochten. Undertusken wurde de boarden, bestek en serfetten trochjûn. Neist potstro kinne wy ek noch foar de chiliconcarne gean of ast net kieze kinst, in kombinaasje fan dy twa.

Kinst dy hjirfoar opjaan?

“Nee, einliks is dit wol it maksimale wat ik ha kin, om de tafel hinne. Wy ha wolris in ekstra tafel oan ‘e ein derby setten, mar dat fielt daliks al oars. It is dan te massaal”, fertelt Wiepkje. It húskeamer-idee is dan fuort. Dus nee, kinst dy hjir net foar opjaan.

Fan ‘e moarn lies ik by ús mem in krante út 2014 mei nijs út ús doarp, gearstald troch ‘grutte’ Piet Rienstra út Nijemardum. Deryn stiet hiel tafallich in artikel oer dizze iterij. Wiepkje fertelt deryn dat sy foarich jier hjirmei begûn is.



Dat wie dus yn 2013. Dan dochsto dit al 10 jier! Willem reageart adrem en seit daliks “ dan is it diskear gratis, fansels”.

Binne der no ek gasten by dy’ t der 10 jier ferlyn ek by wiene?

Frou van Tuyl fertelt dat sy earst tocht dat it niks foar har wie mar dat sy doe in kadobon krige fan Gerrie en Roely om ris mei te iten en sûnt dy kear is sy altyd wer fan de partij. Sy wol it no net mear misse.

Ek Teatske is der al in hiel skoft by; har man Roel woe earst net, mar gie al gau ek mei.

Dizze iterij is ien fan de dingen dy’ st dochst mei dyn bedriuwke. Binne der noch mear aktiviteiten?

Ja, minsken kinne har ek opjaan as sy in kear ergens hinne moatte: nei in dokter of sikehûs bygelyks. Of as sy help nedich ha of ris nei de stêd wolle. Ek geane wy wolris mei in soad minsken nei in túnsintrum, de kringloop, de tulpenroute of nei in eilân.

“Ja”, seit frou van Tuyl, “we zijn ook al eens naar Texel geweest met één van jouw reisjes. We zijn toen bij die schapenboer geweest die meegedaan heeft met Boer zoekt vrouw”.

It kopke fan dizze 97-jierrige frou rint noch aardich lyk. Is sy miskien in kandidaat dy' t meidwaan kin mei de wedstryd wa' t it slimste doarp fan Gaasterlân is?

Wiepkje wurket yn de soarch, neist de aktiviteiten foar har bedriuw. Sy fertelt dat minsken har altyd belje kinne as der wat is. Op har Facebook lêst ik dat Typysk Wiep stiet foar gesellicheid, lústerjend ear, en dat sy fan elke dei wer in feestje makket. No, dat is goud wurdich. Kinst dy efkes ôfslute fan alle nare dingen dy' t yn 'e wrâld barre.

Undertusken skept Wiepkje ien foar ien de board en fol. Der binne grutte iters, lytse iters en hiel grutte iters. It sop ha wy ûnderwilens al efter de kiezen. Hearlike tomate-kipesop. Lekker hertlik.

Stiest graach yn de keuken en hoelang hast mei it iten dwaande west?

Ja, ik mei graach iten klearmeitsje. Foaral stampotten en "ovenshotels". Dat makkest net gau foar twa minsken. Fan 'e moarn wie ik om 8 oere al oan it sipelsnijen. En juster ha ik it sop en de 'toetjes' al makke. Al mei al bin ik wol sa' n 5 oeren dwaande.

Kinst de iters sels ek oan it wurk sette?

Ja, sa die ik dat earst ek. Dan skylden de gasten de earpels en triedden se de beantsjes, mar dat naam tefolle tiid. Dêr bin ik mei opholden.

Wat is dyn motivaasje om hjiroan te begjinnen?

Ik fyn it gewoan leuk om te dwaan en it is altyd gesellich. Dat fine de minsken ek, want se komme allegear graach.

En as der ien net komme kin, wurdt it iten yn in bakje oan de doar brocht. Dat is no echt Typysk Wiep.

Der wurdt ûndertusken hearlik iten; in inkeling skept nochris op.

Hast wolris te min?

"Als we hiervandaan komen, zijn we allemaal aangekomen", seit frou van Tuyl. Pieter van de Wal belooft har om in ekstra blokje mei har om te gean, as hy har straks wer yn har rolstoel thúsbringt.



It is tiid foar it neigesetsje: monchou yn in prachtich gleske. Neffens Nanda is it hjir in "trije-stjerren restaurant". It is ek in plaatsje om te



sjen. Herman de Blijker soe der jaloersk op wêze. En it smakket ek nochris hearlik.

Ik bin wol nijsgjirrich wêrom 't de gasten hjir ien kear yn de moanne oanskowe, mar einliks wit ik it antwurd al. Elkenien fynt it 'gewoan' gesellich. It is in fêst ploechje; wy witte wat wy tsjin elkoar sizze kinne en wy kinne it fan elkoar ha.

Wat wurdt der sa al besprutsen oan tafel?

Alles komt oan bod; de polityk, fuotbal, blau-tonge en wat der sa al op tillevyzje komt.

En fansels de kwalen, want de jongste fan dit stel is 67 mar de âldste 97.

Dan hat elkenien wol wat slitaazjeferskynsels.

Sjoerdsje moat in nije heup ha en dy is der werskynlik net by op 13 desimber as der hjir in krystdiner hâlden wurdt.

Neidat wy de eagen efkes ticht hân ha, krije wy noch in pipermuntsje yn in

moai blau papierke en meie wy by de tafel wei. De âldste gast wurdt lekker waarm oanklaaid, want troch it raam sjogge wy de earste snieflokjes dwarreljen.

Watfoar winter krije wy? Net elkenien is bliid mei snie, al is it wol in moai gesicht. En dan de froast, glêde diken, izel. Gelokkich binne der waarme húskeamers sa as hjir. En dy waarmte komt net allinnich troch de kachel.

Wiepkje, tige tank foar dit noflike skoftke. It wie in feestje om hjir te wêzen.

Ik hoopje datst noch foar in protte waarmte soargje meist.

Coby

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke en Hedwig Beukens	Garant Zaden
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Kim van den Brom	Total Support For Marine
Jan Buma	Buma Handel
Ortwin Dellevoet	Lopifit Gaasterland
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Runia Fourage BV	Veevoerders
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Mieke Koot	Generatiethuis
Koen Maronier	Yacht Power BV
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Gebroeders Postma	BHP Funderingstechniek
Hendrik Postma	Motorenrevisie/repairatie
Marijke Postma	Kniphúske kapsalon en nagelstudio
Jan-Dirk van der Tol	Feedtuber B.V.
Runia Transport Nijemirdum	Transportbedrijf
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Ilse Wezepoel	Snuffelplezier
Rianne Witteveen	Dsign & printmkr

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

DUOFYTS RESERVEARJE:

Dat kinne jo melde by Wiepkje Holtrop 06-10547123



INZAMELINGSPUNTEN:

Wat:

Plastic doppen van flessen,
tubes, potten en bussen

Inkt-cartridges, toners en
oude mobieltjes

Metalen/blikjes/doppen /
deksels/ spuitbussen

Postzegels en kaarten

Waar:

Fam. Strampel,
Heaburgen 1

Fam. Hoekstra,
Hoitebuorren 18a

Fam. Rienstra,
Omrin 14

Fam. Stoker,
Hoitebuorren 6A

t.b.v.:


KNGF

blindegeleide-honden.

Stichting
Kinderhulp Oeganda

STOPhersentumoren.nl

Stichting Cystic Fibrosis



AGINDA

29 desimber	snackjûn doarpshûs	
30 desimber	oaljekoekenbakkerij	
31 desimber	ôfstekken fjoerwurk op Lyklamawei 16	24.00 oere
1 jannewaris	nijjierswinskje yn it doarpshûs	00.15 oere
12 jannewaris	frijwilligersjûn	20.00 oere
26 jannewaris	snackjûn doarpshûs	
31 jannewaris	ledegearkomste doarpsbelang	20.00 oere
3 febrewaris	rockband Scaramouche yn it doarpshûs	21.00 oere
23 febrewaris	snackjûn doarpshûs	
23 febrewaris	finale "it slimste dorp"	
28 febrewaris	jierfergadering lokaalferieniging	20.00 oere

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op tongersdei 25 jannewaris

KOPIJ YNLEVERJE foar moandei 15 jannewaris

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: redaksje.doarpsnijs@gmail.com